

De brief fan Paulus oan de Efeziërs

1

¹ Fan Paulus, troch Gods wil apostel fan Kristus Jezus. Oan de hilligen yn Efeze, oan de leauwigen dy't ien binne yn Kristus Jezus. ² Genede en frede fan God, ús Heit, en fan Jezus Kristus, de Hear, winskje ik jimme ta.

Lof en tank

³ Lof komt ta oan de God en Heit fan ús Hear Jezus Kristus, dy't ús yn 'e himel, yn Kristus, goeddien hat mei tal fan geastlike seinigingen.

⁴ Want yn Kristus hat God ús, ear't it fûnemint fan 'e wrâld lein waard, leafdefol útkeazen om foar him hillich en geef te wêzen. ⁵ Hy hat ús nei syn goedfinen en útsprutsen winsk ornearre om yn Jezus Kristus syn bern te wurden, ⁶ ta eare fan Gods gloarjefolle genede, dy't er ús yn syn leave Soan jûn hat.

⁷ Yn him binne wy troch syn bloed ferlost en binne ús de sûnden ferjûn, tanksij de rike genede ⁸ dy't God ús yn oerfloed jûn hat. Yn al syn wiisheid en ynsjoch ⁹⁻¹⁰ hat er ús dit geheim bekend makke: it beslút dat er him foarnommen hie yn Kristus mei it each op 'e tiid dat it sa fier wêze soe, om alles yn 'e himel en op ierde ûnder ien haad gear te foegjen, ûnder Kristus.

¹¹ Yn him hat God, dy't alles nei syn wil en beslút ta in útfier bringt, ús ta syn erfgenamten makke. Dêrta wiene wy, neffens syn plan, al yn it foar troch him ornearre. ¹² Sa soene wy, ta lof fan syn hearlikheid, yn it foar ús hoop op him fêstigje.

¹³ Yn him binne jimme likegoed, dy't it wiere boadskip heard hawwe, it evangelje fan jimme rêding, yn him binne jimme, troch jimme leauwe, segele mei de hillige Geast, dy't ús tasein is ¹⁴ as ûnderpân fan ús erfenis. Sa sille alle minsken dy't er foar him wûn hat befrijd wurde en syn hearlikheid priizgje.

¹⁵ No haw ik ek heard fan jimme leauwe yn Jezus, de Hear, en fan jimme leafde foar alle hilligen. ¹⁶ Dêrom tankje ik God sûnder ophâlden foar jimme en tink ik oan jimme yn myn gebeden. ¹⁷ Dan freegje ik oft de God fan ús Hear Jezus Kristus, de heit fan alle hearlikheid, jimme in geast fan wiisheid en iepenbiering jaan wol, dat jimme him kenne meie ¹⁸ en dat de eagen fan jimme hert ferljochte wurde meie. Dan freegje ik oft jimme ynsjen meie hoe grut oft jimme hoop is, no't hy jimme roppen hat, en hoe ryk oft de hearlikheid is dy't de hilligen beërvje sille, ¹⁹ en hoe oermjitte sterk oft de krêft fan Gods macht is foar ús dy't leauwe. ²⁰ Dy macht wie ek wurksum yn Kristus doe't er him út 'e dea opwekke hat en him yn 'e himel in plak jûn hat oan syn rjochterhân, ²¹ heech boppe alle himelske foarsten en hearskers, krêften en machten en wat mar namme hat, net allinne yn dizze wrâld, mar ek yn 'e takomstige. ²² God hat alles ûnder syn hearskippij brocht en him oan 'e tsjerke jûn as haad oer alles. ²³ De tsjerke is syn lichem, hielendal fol fan him dy't alles yn allegearre fol makket.

2

Ien yn Kristus

¹ Jimme wiene dea troch de oertrêdingen en sûnden ² dy't jimme diene doe't jimme jim wei giene yn 'e geast fan dizze wrâld, en fan 'e hearsker oer de machten yn 'e loft, de geast dy't no warber is yn 'e minsken dy't net nei God harkje wolle. ³ Eartiids hearden wy dêr ek by, doe't wy ús oerhearskje lieten troch ús minsklike begearten. Wy lieten ús meislepe troch ús selssuchtige winsken en wat mar yn ús opkaam en stiene sa fan natuere bleat oan Gods grime, lykas dy oaren. ⁴ Mar Gods barmhertigens is sa grut, en de leafde dy't er oan ús bewiisd hat is sa djip, ⁵ dat er ús, ek al wiene wy dea troch ús sûnden, mei Kristus wer libben makke hat. Troch syn genede binne jimme behâlden. ⁶ Hy hat ús mei him út 'e dea opwekke en in plak yn 'e himel jûn, yn Kristus Jezus. ⁷ Sadwaande sil er yn 'e kommende iuwen sjen litte hoe't de rykdom fan syn genede alles te boppe giet, yn syn goedens foar ús troch Jezus Kristus. ⁸ Want troch syn genede binne jimme behâlden, omdat jim leauden. En dat net út jimme sels: it is in jefte fan God. ⁹ It komt net troch jimme goede deden, dat gjinien hoecht dêroer op te sprekken. ¹⁰ Want yn Kristus hat er ús skepen om de wei te gean fan 'e goede deden, dy't God yn it foar al foar ús taret hat.

¹¹⁻¹² Jim binne fan komôf eins heidenen, jim wurde 'ûnbesnienen' neamd troch deselden dy't harsels 'besnienen' neame – troch minskehannen besnien. ¹² Unthâld dêrom dat jimme eartiids gjin bân mei Kristus hiene. Jim wiene frjemden, sûnder diel oan it boargerrjocht fan Israel, en foelen net ûnder it ferbûn

fan Gods tasizzingen. Jimme libben yn in wrâld sûnder hoop en sûnder God. ¹³ Mar no binne jimme, dy't iennis fierôf stiene, yn Kristus Jezus tichteby kommen, troch syn bloed. ¹⁴ Want hy is ús frede, dy't fan dy beide ien makke hat en de tuskenmuorre fan fijânskip ôfbrutsen hat mei syn eigen lichem. ¹⁵ Hy hat de wet mei syn geboaden en foarskriften ôfskaft, om yn himsels út dy beide ien nije minske te meitsjen. Sa hat er frede ta stân brocht. ¹⁶ Hy hat troch syn krús dy beide yn ien lichem fersoene mei God en dêrby yn syn eigen lichem de fijânskip deade. ¹⁷ Hy is kommen en hat frede tasein foar jimme dy't fierôf stiene en foar harren dy't tichteby wiene: ¹⁸ tanksij him hawwe wy beide yn ien en deselde Geast tagong ta de Heit. ¹⁹ Sadwaande binne jimme dus gjin frjemden en bûtensteanders mear, mar boargers lykas de hilligen, en húsgenoaten fan God. ²⁰ Jim binne in bouwurk dat stiet op it fûnemint fan de apostels en profeten, mei Kristus Jezus sels as hoekstien. ²¹ Ut him wei groeit dat hiele bouwurk, hecht gearfoege, út ta in timpel, dy't de Hear tawijd is. ²² Troch him wurde jimme ek mei opboud ta in hûs dêr't God mei syn Geast yn wennet.

3

¹ Dêrom sis ik, Paulus, dy't om Kristus Jezus foar jimme, net-Joaden, fêstsit, it folgjende. ² Jimme hawwe grif wol heard dat God my de taak tabetroud hat om syn genede oan jimme troch te jaan. ³ Troch in iepenbiering is my it geheim bekend makke, dêr't ik niis yn it koart oer skreaun haw. ⁴ As jimme dat lêze, sille jimme dêryn myn ynsjoch yn it geheim fan Kristus wol begripe. ⁵ It is by eardere generaasjes noait sa oan de minsken bekend makke as tsjintwurdich, no't de Geast it iepenbiere hat oan syn hillige apostels en profeten: ⁶ de net-Joaden binne, yn Kristus Jezus, likegoed erfgenamten en hearre likegoed by syn lichem en diele likegoed yn 'e beloften, op grûn fan it evangeelje. ⁷ Dat evangeelje bin ik in tsjinstfeint fan wurden troch de jefte fan Gods genede dy't my jûn is troch syn krêft dy't yn my warber is. ⁸ Oan my, de alderminste fan alle hilligen, is de genede jûn om oan 'e net-Joaden de ûnmjitlike rykdom fan Kristus te ferkundigjen. ⁹ Ik mei foar elkenien oan it ljocht bringe hoe't it mystearje werklikheid wurdt, dat yn alle iuwen ferburgen wie yn God, de Skepper fan alle dingen. ¹⁰ No sille alle machthawwers en foarsten yn 'e himelske sfearen troch de tsjerke op 'e hichte brocht wurde fan de wiisheid fan God yn al syn ferskaat, ¹¹ neffens it ivige plan dat hy no yn Kristus Jezus, ús Hear, ta in útfier brocht hat. ¹² Yn him meie wy ús frijmoedich en fol fertrouwen nei God jaan, troch ús leauwe yn him. ¹³ Dêrom freegje ik jimme om net mismoedich te wurden, no't ik foar jimme lije moat. Besjoch dat mar as in eare. ¹⁴ Dêrom bûch ik de knibbels foar de Heit, ¹⁵ nei wa't alle geslachten yn 'e himel en op ierde neamd wurde. ¹⁶ Ik bid dat hy jimme neffens syn rike gloarje krêft jaan mei en dat syn Geast jimme inerlik fersterkje mei, ¹⁷ en ik bid dat Kristus troch jim leauwe yn jim hert in wenplak fine mei en dat jimme woartele en ferankere bliuwe meie yn 'e leafde. ¹⁸ Dat jimme dan mei alle hilligen de lingte en de breedte, de hichte en de djipte begripe meie, ¹⁹ ja, de leafde fan Kristus kenne, dy't alle ferstân te boppe giet, dat jimme hielendal fol reitsje fan Gods folheid. ²⁰ Oan him dy't troch de krêft dy't yn ús wurket by steat is ûneinich folle mear te dwaan as wat wy freegje of betinke kinne, ²¹ oan him komt de eare ta yn 'e tsjerke en yn Kristus Jezus, fan it iene geslacht op it oare, yn alle ivichheid. Amen.

4

Kristus as fûnemint

¹ Ik, dy't fêstsit om de Hear, freegje jimme mei klam om de wei te gean dy't heart by de ropping dy't jim ûntfongen hawwe: ² wês altyd beskieden, sêftmoedich en geduldich. Ferdraach inoar yn leafde. ³ Doch alle war, troch de frede dy't jim gearbynt, om de ienheid te bewarjen dy't de Geast jout: ⁴ ien lichem en ien geast, lykas jimme ien hoop hawwe troch jim ropping, ⁵ ien Hear, ien leauwe, ien doop, ⁶ ien God en Heit fan alle gearre, dy't boppe alle gearre, troch alle gearre en yn alle gearre is.

⁷ Mar oan elk fan ús is de genede jûn neigeraden Kristus dy jout. ⁸ Dêrom stiet der ek:

Opfearn nei de himel hat er de finzenskip finzen nommen,
hat er de minsken jefte jûn.

⁹ Dat der stiet 'Hy is opfearn' – wat soe dat oars betsjutte kinne as dat er ek delkommen is, nei de djipten fan de ierde? ¹⁰ Hy dy't delkommen is, is deselde dy't opfearn is boppe de heechste himel om alles fol te meitsjen fan syn oanwêzichheid. ¹¹ En dyselde hat guon oansteld as apostels en profeten, evangelisten, hoeders en leararen, ¹² om de hilligen ta te rissen foar it wurk yn syn tsjinst. Dêrmei woe er it lichem fan Kristus opbouwe ¹³ oant it ús allegear slagje soe om de ienheid te berikken fan it leauwe en de kennis fan

de Soan fan God, om de folmakke minske te berikken en de folsleine ûntjouwing fan de folheid fan Kristus. ¹⁴ Dan binne wy net langer mear lytse bern, guon dy't stjoerleas omdriuwe en mei alle winen meiwaaije, mei wat der mar ferkundige wurdt troch minsken dy't oaren slûchslim en mei list en bedroch misliede wolle. ¹⁵ Lit ús leaver yn leafde foar inoar ús oan de wierheid hâlde en sa yn alle opsichten nei Him ta groeie dy't it haad is: Kristus. ¹⁶ Ut him wei is it hiele lichem gearfoege. It iene lid is troch bannen oan it oare keppele en stipet it oare neffens de krêft dy't it krige hat. Sa groeit it lichem en bout it himsels yn leafde op. ¹⁷ Dit sis ik jimme en byn ik jimme yn 'e namme fan de Hear op it hert: jim moatte net langer libje lykas de ûnleauwigen mei har ûnnoazel tinken. ¹⁸ Harren ferstân is fertsjustere en se binne ferfrjemde fan it libben mei God, om't se ûnwittend binne en herten fan stien hawwe. ¹⁹ Se binne ôfstompt en ûnberoadid jouwe se har mar al te graach oan banneleaze praktiken oer. ²⁰ Mar sa hawwe jimme Kristus net kennen leard! ²¹ Jimme hawwe dochs fan him heard, jimme hawwe ûnderrjocht oer him krige en heard dat dit syn wierheid is: ²² brekke mei jim eardere libbenswize en ôfskied nimme fan de âlde minske, dy't troch syn ferriederlike begearten omkomt. ²³ Jim moatte just nije minsken wurde yn jim geast en yn jim tinken, ²⁴ skepen nei Gods byld yn wiere rjochtfeardichheid en hillichheid.

It nije libben

²⁵ Dêrom: fuort mei de leagen, en de wierheid tsjin inoar sizze, want wy binne mei-inoar elkoars lidden. ²⁶ Jim meie liik wurde, mar jim moatte net sûndigje; de sinne mei net ûndergean wylst jimme noch liik binne. ²⁷ Jim moatte de duvel gjin kâns jaan. ²⁸ Wa't stelt, moat dêrmei ophâlde. Hy moat just arbeidzje en mei eigen hannen earlik wurk dwaan, dat er minsken dy't ferlet hawwe wat jaan kin. ²⁹ Lit jim alhiel gjin ôfwaaid praat oer de lippen komme, mar goede en opbouwende wurden dêr't ferlet fan is, dy't wa't se hearre goed dogge. ³⁰ Jim moatte Gods hillige Geast ek gjin fertriet dwaan, want mei him binne jimme fersegele foar de dei fan 'e ferlossing. ³¹ Alle wrok, grime, liikens, razen en flokken moat dus by jim wei, lykas alle boazens. ³² Jim moatte freonlik foar inoar wêze en hertlik en inoar ferjaan lykas God jimme yn Kristus ferjûn hat.

5

¹ Jim moatte dus in foarbyld nimme oan God, as bern dy't er leafhat, ² en libje yn leafde, lykas Kristus dien hat, dy't ús leafhân hat en himsels foar ús oerjûn hat as in offer, as in swiet rûkende offerjeffe oan God. ³ Der mei by jim gjin sprake wêze fan ûntucht of watfoar ûnseedlikheid of habsucht dan ek. Dat jout by hilligen gjin pas. ⁴ Dat jildt ek foar ôfwaaid, dûbeldsinnich en leech-by-de-grûnsk praat dat gjin foech jout – dan leaver wurden fan tank. ⁵ Jimme moatte goed begripe dat ien dy't ûntuchtich, sedeleas of habsuchtich libbet – dat is allegearre ôfgoaderij – gjin diel krije kin oan it keninkryk fan God. ⁶ Lit net ien jimme mei lege wurden op 'e doele bringe, want dêrtroch komt Gods grime oer deselden hinne dy't net nei him harkje. ⁷ Jim moatte dus net mei harren meidwaan, ⁸ want ienris wiene jimme it tsjuster, mar no binne jimme it ljocht yn de Hear. Dan moatte jim ek libje as bern fan it ljocht, ⁹ dat goedens, gerjochtichheid en wierheid bringt, ¹⁰ en neigean wat de wil fan de Hear is ¹¹ en net meidwaan oan de sinleaze wurken fan it tsjuster. Jim kinne dy better ûntmaskerje, ¹² want wat sokken temûk útheve, is te skandalich om deroer te praten. ¹³ Mar alles wat it ljocht ûntmaskeret, wurdt sichtber, ¹⁴ en alles wat sichtber wurdt, is sels ljocht. Dêrom stiet der:

'Wurd wekker, do slieper,
kom oerein út 'e dea,
en Kristus sil oer dy ljochtsje.'

¹⁵ Jim moatte dus goed omtinken jaan oan de wei dy't jim yn jimme libben geane, net as ûnnoazele, mar as wize minsken. ¹⁶ Jim moatte jim dagen goed besteegje, want it binne kweade tiden. ¹⁷ Dat brûk jim ferstân en besykje te begripen wat de wil fan de Hear is. ¹⁸ Jim moatte jim net oan wyn bedrinke, want dêr komt losbannichheid fan, mar fol wurde fan de Geast ¹⁹ en inoar tasjonge mei psalmen, lofsangen en lieten dy't de Geast jimme ynjout. Jim moatte mei hiel jim hert sjonge en spylje foar de Hear ²⁰ en God, dy't jim Heit is, aloan en foar alles tank bringe, yn 'e namme fan ús Hear Jezus Kristus.

²¹ Jim moatte jim yn elkoars gesach skikke út earbied foar Kristus. ²² Froulju, jim moatte jim skikke yn it gesach fan jimme man as dat fan de Hear, ²³ want de man is it haad fan 'e frou, lykas Kristus it haad fan 'e tsjerke is, it lichem dat hy rêden hat. ²⁴ En lykas de tsjerke him skikt yn it gesach fan Kristus, sa moatte de froulju har ek yn alles yn it gesach fan har man skikke. ²⁵ En jimme, manlju, moatte jim frou leafhawwe, lykas Kristus de tsjerke leafhân hat. Hy hat himsels dêrfoar oerjûn ²⁶ om dy te suverjen mei it wetter en te hilligjen mei it wurd. ²⁷ Want hy woe him dy tsjerke strieljend foar eagen hawwe, sûnder plakken of ronfels

of sokssawat, mar hillich en sûnder wryt of slyt. ²⁸ Sa moatte de manlju har froulju like leaf hawwe as harren eigen lichem. Wa't syn frou leafhat, hat himsels leaf. ²⁹ Want gjinien hatet syn eigen lichem, mar krekt oarsom: hy jout it syn gerak en fersoarget it, lykas Kristus mei de tsjerke docht, ³⁰ want dat is syn lichem en wy binne de lidden. ³¹ 'Dêrom sil in man syn heit en mem ferlitte en him bine oan syn frou, en dan sille dy beide ien lichem foarmje.' ³² Dat is in grut mystearje, dat ik yn ferbân bring mei Kristus en de tsjerke. ³³ Koartsein, elk fan jimme moat syn frou dan ek leafhawwe as himsels en in frou moat ûntsach hawwe foar har man.

6

¹ Bern, jim moatte harkje nei jim âlden út ûntsach foar de Hear, want sa heart dat. ² 'Earje dyn heit en mem,' dat is it earste gebod mei in tasizzing derby: ³ 'Dan sil it dy goed gean en silsto lang libje op ierde.' ⁴ Heiten, jim moatte jim bern net likk meitsje, mar harren grutbringe troch har terjochte te wizen en te fermoanjen sa't de Hear dat wol.

⁵ Slaven, jim moatte harkje nei jim ierdske master, lykas jimme nei Kristus harkje, mei achting en ûntsach en oprjocht, ⁶ net om op te fallen en by minsken yn 'e geunst te kommen, mar as slaven fan Kristus, dy't mei inerlike oertsjûging alles dogge wat God wol. ⁷ Jim moatte jim wurk mei nocht dwaan, as wie it foar de Hear en net foar minsken, ⁸ want jimme witte dat elk dy't goeddocht fan de Hear syn lean bart, slaven likegoed as frije minsken. ⁹ Masters, jim moatte op deselde wize mei jim slaven omgean, sûnder driigjen, want jimme witte dat sy en jimme deselde Hear yn 'e himel hawwe, en dat hy net om rang of stân jout.

De geastlike wapenrissing

¹⁰ As lêste, jim moatte jim sterkte sykje yn de Hear, yn 'e krêft fan syn macht. ¹¹ Ris jim út mei de wapens fan God, dan kinne jimme it opnimme tsjin de falske plannen fan 'e duvel. ¹² Us striid is net tsjin minsken fan fleis en bloed, mar tsjin 'e boppe-ierdske machten, tsjin 'e wrâldbeheerskers en machthawwers fan 'e tsjusternis, tsjin 'e kweade geasten yn 'e boppe-ierdske streken. ¹³ Nim de wapens fan God op, dan kinne jimme tsjinstân biede en jim goed tarist opstelle as de kweade dei komt. ¹⁴ Stel jim dus op mei de wierheid as riem om 'e mul, mei de gerjochtichheid as harnas, ¹⁵ en oan 'e fuotten jim reewilligens om it evangielje fan de frede te bringen. ¹⁶ En brûk foaral it skyld fan it leauwe, dêr't jimme alle gleone pylken fan 'e kweade mei útdôvje kinne. ¹⁷ En draach de helm fan de ferlossing en it swurd fan de Geast, dat wol sizze Gods wurd.

¹⁸ Jim moatte jim yn al jim bidden en smeeke altyd liede litte troch de Geast; tink derom dat jimme sûnder ophâlden bidde foar alle hilligen. ¹⁹ Jim moatte ek foar my bidde, dat my de goede wurden yn jûn wurde meie as ik de mûle iependoch om frijmoedich it geheim bekend te meitsjen fan it evangielje, ²⁰ dêr't ik in gesant fan bin, ek al sit ik fêst, dat ik dêr frijmoedich oer sprekke mei, sa't it heart.

²¹ Om jimme witte te litten hoe't it mei my giet en wat ik by de ein ha, sil Tychikus, ús leave broer en trouwe tsjinstfeint yn de Hear, jimme alles fertelle. ²² Krekt mei dat doel stjoer ik him nei jimme ta. Dan witte jimme hoe't it der mei ús foar stiet en kin er jimme moed ynsprekke. ²³ Frede winskje ik de bruorren en susters ta, en leafde en leauwe fan God, de Heit, en fan Jezus Kristus, de Hear, ²⁴ en genede foar allegearre dy't ús Hear Jezus Kristus ûnfergonklik leafhawwe.